



De Fryske Akademy hat as kearn taak wittenskiplik ûndersyk op it mêd fan de Fryske taal, kultuer, skiednis en mienskip. De Fryske Akademy is learre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) yn Amsterdam en makket diel út fan dy har ûndersyks- en ynstitute-organisaasje.

By de Fryske Akademy yn Ljouwert is in funksje beskikber foar in:

### Lid fan de Rie fan Tafersjoch

#### Wy freegje

Ynteressearre minsken mei romme bestjoerlike ûnderfining en yn it bysûnder saakkundichheid op it mêd fan de folgjende oandachtspunten, wurde frege te reagearjen:

- Bekendheid mei en belutsenheid by de taak, fize en missy fan de Fryske Akademy
- Oantoanbere ûnderfining op it mêd fan de bedriuwsfiering fan publike ynstellingen
- Brede bestjoerlike ûnderfining, benammen op it gebiet fan wittenskiplik ûndersyk en heger ûnderwiis en relevante maatskiplike organisaasjes (ynklusyf de falorisaasje fan ûndersyk)
- Goede konneksjes en yngongen yn relevante ynstitúsjes yn, mar foaral ek bûten Fryslân, bygelyks kontakten mei de (lanlike) oerheid en bestjoersorganisaasjes, universiteiten en KNAW.

#### Beneaming

Selektearre kandidaten wurde troch de Fryske Akademy oan de KNAW yn Amsterdam foardroegen foar beneaming. Neidat de Provinsje Fryslân dermei ynstimd hat, wurdt de kandidaat beneamd foar in earste termyn fan fjouwer jier; in nije beneaming foar in twadde termyn fan fjouwer jier is dêrnei mooglik.

De Rie fan Tafersjoch is belêste mei it tafersjoch op de algemiene gong fan saken fan de Fryske Akademy en mei it tafersjoch op it troch de direkteur fierde behear en belied en is fierders belêste mei de taken en de foegen dy't him mei it karbrief takend binne. De Rie fan Tafersjoch komt yn 'e regel fiif kear yn 't jier gear.

Yn ferbân mei ús diversiteitsbelied wurde froulju oanmoedige om gading te meitsjen.

#### Ynljochtings

It karbrief fan de Fryske Akademy fine jo op ús website: [www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl) > Fryske Akademy > Bestjoerlike Organisaasje > Karbrief. Foar mear ynformaasje oer dizze funksje kinne jo kontakt opnimme mei de hear M.F. Koopmans, foarsitter fan de seleksjekommisje en tagelyk ek foarsitter fan de Rie fan Tafersjoch fan de Fryske Akademy. E-post: [mfkoopmans@kpnmail.nl](mailto:mfkoopmans@kpnmail.nl) of tel. (058) 216 87 87.

#### Gading meitsje

Sollisitaasjes mei cv kinne jo oant sneon 18 febrewaris 2012 oer de e-post stjoere nei de Fryske Akademy, foar frou C. Vogelzang, P&O-adviseur: [PenO@fryske-akademy.nl](mailto:PenO@fryske-akademy.nl) m.f.f. 'fakatuere Lid fan de Rie fan Tafersjoch'.



*Akwisysje nei oanlieding fan dizze advertinsje wurdt net op priis steld.*